

Poatsjes waskje

ferhaal Riemkje Pitstra, tekening Luuk Klazenga



Tomke hat foar it earst wer nei skoalle west.
'Wat hasto dien by juf Klaske?' freget Kornelia.
'Taartsjes bakt yn de sânbak', seit Tomke.
'Ferskes songen en fruit iten.
Enne... hiel faak de hantsjes wasken.'
'Dat moatte wy allegear', seit Kornelia.
'Oars kinne wy ommers siik wurde.'
Tomke giet nei syn keammerke.
Op syn bêd lizze de koesers.
Bear moat net siik wurde, tinkt Tomke.
'Kom, Bear. Ik waskje dyn poatsjes.'
Hy nimt Bear mei nei de badkeamer.
Tomke docht de kraan iepen.
Hy smart sjippe op Bear syn poatsjes
en wriuwt se tsjin elkoar.
De poatsjes komme fol mei skom.
'Sa, no ûnder de kraan', seit Tomke.
Oeps! Bear syn búk spat ek wiet.
Tomke makket him wer drûch.
Dêr is Romke.
'Wat dochsto, Tomke?' freget er.
'Ik waskje poatsjes', seit Tomke.
'Alle koesers moatte skjin.
Oars wurde se siik.'
'Ik help dy wol', seit Romke.
Tomke set Bear wer op bêd.
Dan helje se de oare koesers op:
Bella de poes, Knorretje, Ysbrand de
iisbear, Siepy it skiep, Kees de knyn
en Topy de tûzenpoat.
'Dy hat in protte poatsjes', laket Romke.
Se waskje en waskje.

It wetter spat alle kanten op.
Oeral komt skom.
Op 'e noas fan Tomke.
Op 'e snút fan Romke.
Op 'e flier fan 'e badkeamer.
Romke wurdt wiet en Tomke wurdt wiet.
Mar dan... binne alle poatsjes skjin.
Ynienen giet de doar fan de badkeamer iepen.
'O, myn skjinne badkeamer!' ropt Kornelia.
'Wat in binde. Wat ha jim dien!!!'
'Wy ha de poatsjes fan de koesers wosken.
Dan kinne se net siik wurde', seit Tomke.
'O, myn poatsjes moatte ek noch!'-ropt Romke.
'Gjin sprake fan', seit Kornelia.
'Gau de wiete brot út en ûnder de dûs.
Dan waskje ik jim hielendal.
En net allinne de poatsjes en de hantsjes.'

Mear foarlêze?

Sjoch op www.tomke.frl foar mear ferhaaltsjes, spultsjes, ferskes, filmkes en printmateriaal oer Tomke en syn freontsjes.